

Fries (nieuwe stijl) en Fries, leesvaardigheid (oude stijl)

Vorbereidend
Wetenschappelijk
Onderwijs

Tijdvak 1
Dinsdag 18 mei
13.30 – 16.30 uur

Tekstboekje

Tekst 1

Yn it earste nûmer fan De Moanne (septimber-oktober 2002) skreau Klaas Jansma by it 250-jierrich jubileum fan de Ljouwerter Krante in stik oer de kwaliteiten en de ambysje foar de takomst fan dy krante. Tekst 1 is in ynkoarting fan dat stik.

BLIUWT DE LJOUWERTER KRANTE BESTEAN?

- 1 Alle dagen wurdt er op mear as hûnderttûzen fan de 220 tûzen adressen yn Fryslân besoarge: de Ljouwerter Krante. Troch de deune lêshonger fan ‘dûbeldlêzers’ dy’t de kosten en it genot fan it abonnemint diele mei buorman, sil de krante by sa’n 125 tûzen húshâldens komme. En al moat men altyd fraachtekens sette by marketing-sifers, ik leau wol dat de
- 5 ‘Leeuwarder Courant’ (LC) ûnder eagen komt fan gau 250 tûzen fan de healmiljoen krantlêzende ynweners fan dizze provinsje. In sterk medium. Hoe komt dat sa? En is de LC de takomst treast?
- 2 De Ljouwerter Krante is grut yn Fryslân. Alle oare min of mear konkurrearjende deiblêden mei-inoar hawwe hjir minder lêzers. Sjoernaals fan de NOS en RTL4 bringe in pear weachjes yn in see fan nijs. Hjoed fan Omrop Fryslân komt mei de kamera aldergeloks net oer de Fryske grinzen. Dat de Ljouwerter Krante is foar de measte Friezen likegoed de wichtichste ynformaasje-boarne oer de grutte wrâld as oer de lytse.
- 3 Fan de kultuerferneatigjende ‘ontlezing’ is yn ’e abonneesifers noch mar in bytsje te fernimmen. It abonnemintetal sit al in mennich jierren net folle feroaring yn. Yn ferhâlding ta de groei fan it tal Fryske adressen en ynweners sakket it wol wat, mar dat is nei lange jierren fan sterke groei yn ferliking mei gâns oare deiblêden noch in prestaasje, alhielendal foar in middeisblêd.
- 4 Wat hat dy krante dat him sa sterk makket? Kwaliteit? Komt it fan de sterke eigen identiteit fan Fryslân? Of rint dizze konservative úthoeke yn ’e ôfbraak fan skreaune media like bot efterop as by it sportfandalisme, de ynkommens, de huzepriizen en it dielnimmen fan froulju oan it arbeidsproses?
- 5 Oan sjoernalistike kwaliteit ferwachtet men fan in krante dat er in betrouber byld fan ’e werklikheid jout en jin ferriktet mei nije, ûnbekende feiten en ferrassende ynsichten. Men moat jin der ek wat thús by fiele, en yn positive mominten respekt ha kinne foar de
- 25 kwaliteit, de ynset en it nivo fan de redakteuren.
- 6 It ôfsliten klisjee bliuwt wier dat de krante in finster op ’e wrâld is. De regionale krante beljochtet dy útsoarte op twa nivo’s: oer de grinzen en provinsjaal. Wat fan fierôf opnommen wurdt, is miskien faak wichtiger, tichteby sprekt mear oan.
- 7 De Ljouwerter Krante bringt dy ûnderskate sfearen yn ien oerkoepeljend ‘format’. Hoewol’t it papier sunich brûkt wurdt, bliuwt dat fan de earste oant de lêste pagina’s oersichtlik. Fêste yndielings- en opmaakskema’s rinne troch de hiele krante hinne. It Regio- katern is mar justjes lossier opmakke as de binnen- en bûtenlânsiden. Kultuer en Ekonomy wike fisueel net bot fan elkoar ôf. De sportkaterns binne wat flitsender opmakke, Sneon en Snein wat moadieuzer, Opiny en Geastlik Libben wat stiver. Sa heart it.
- 8 Dat oan it pagina-byld it ferskil yn nivo net te sjen is, wurket wolris ferfrjemdzjend, mar docht rjocht oan dit bêste lân. De resinsje fan in toanieljûn op ’e Tynje kriget deselde útris as in nije Joop van den Ende-musical. Poetin is op ’e foto mei byskrift neat grutter as Nijpels, in AIDS-konferinsje yn Súd-Afrika kriget deselde, of minder oandacht as in Ljouwerter symposium oer wetterskipsfúzjes. De Voorstraat yn Bûtenpost ûnder wetter is mear in ramp as hûndertachtich minsken ferdronken yn Bangladesh. De krante ûnderhâldt sadwaande it provinsjalisme, ien fan syn bestansgrûnen. Dat hoecht net oars, want de wrâld is noch lang net ien doarp.
- 9 Der is oars wol in wichtich ferskil tusken de ûnderskate lagen: nijs út ’e provinsje komt fan eigen sjoernalisten, nasjonaal en ynternasjonaal nijs fan parseburo’s. Dat is bytiden goed te fernimmen yn ’e kwaliteit fan ’e ynformaasje. Der binne by de LC wol spesjale fakredaksjes, mar it binne mar lytse klupkes minsken dy’t sa’n maatskiplik gebiet ‘coverje’ moatte. Dan hawwe je it talint net foar it útsykjen. Sa stuitet de ynwijde, it kin hast net oars, gauris op klisjees en missers yn artikels dy’t oars serieuus eage.
- 10 Hoe’n benearjend protte items der op ien dei yn sa’n krante steane, wurdt men as meilibjend boarger gewaar as men nei twa fakânsjewiken de hiele bringst troch moat. Men gappet op ’t lêst nei de siken, siket om hâld en struktuer yn in nijsbrij. Kropjend freget men jin dan ôf wat it doel fan dit alles is. Dat is in sinleaze fraach. It doel is ferskaat en folle, en

as de lêzer sêd is, slacht er mar wat oer. Je klauwe op 't lêst yn in kafetaria ek net alle automaten leech.

- 11 55 Dat konsept biedt net folle romte foar refleksje. Dêr't de lanlike media gâns siden brûke kinne foar ferdjipping by de grutte feitlikheden, moat de Ljouwerter Krante ek nochris de Regio beljochtsje. Dat docht er mei ynmoed, warber en mei in bjusterbaarlike behearsking fan 'e logistyk yn regionaal ferskillende edysjes. Kompletens giet foar, neat misse. It tal grutte primeurs is beheind. It brave apparaat fan de GPD leveret se hast net, en de
- 60 provinsjale werklikheid is der gauris te lyts foar. In nijsfeit mei skokkende ymplikaasjes falt yn 'e deistige diarree ek amper op. Komt de LC om tolve oere mei in 'breaking the news'-primeur, dan is er tsjin ienen al troch Omrop Fryslân stellen en heart men it yn alle nijsblokjes foar't de krante om fjouwer oere by de lêzer komt.
- 12 By grutte produksje foar in breed publyk is in fyn gefoel foar taal en styl net altyd fan it heechste belang. It fermogen om 'moai' te skriuwen en aventoerlik te formulearjen is, sa't
- 65 skynt, gjin kritearium foar nije meiwurkers, en grif net foar op te nimmen bydragen. It is gauris de toarre kant it neist. Folle mear stylfoarmen as de platte betoochtrant of de irony, soms útrinnend op synisme, wurde 'efter it nijs' net beoefene. Dat hat ta gefolch, dat de boeiendste diskusjes en eigensinnichste mienings, fermaaklike hyperboalen ek, gauris yn 'e
- 70 rubryk Ingezonden steane.
- 13 Alles gearfetsjend yn krantestyl: de Ljouwerter Krante is breed fan 'scope' en warber yn ferslaggen, mar gauris wat oerflakkich, trendfolgjend en soms mei tsjinsin provinsjaal mei in beskieden sicht op 'e grutte wrâld. It is as ha 'k it oer Fryslân en de Friezen.
- 14 Neffens it 'jubileum-kommentaar' fan 1 augustus 2002 ferbynt de haadredaksje it lot fan
- 75 'e krante oan it tal krantelêzers dat hja yn 'e takomst bine kin. Dy pragmatyske opstelling tsjûget fan beskiedener ambysjes en pretinsjes as yn 'e deistige provinsjale aktualiteit soms blykt. De toan en de omgong mei minsken dy't hjir wat prestearje, tsjûgje gauris fan de macht fan it tal. Dochs stiet de krante al jierren op ferlies yn 'e mediastriid om tiid en oandacht fan 'e konsumint. Dy wurdt mobiler en zapt sûnder problemen fan Nova nei de
- 80 nachtfilm. Minsken en mienskip feroarje hurd, hjir ek.
- 15 De situaasje is no foar in provinsjale krante folslein oars as yn 'e jierren santich, it lêste tiidrek fan sterke groei en grutte bloei fan 'e Ljouwerter Krante en ferheftige aksje yn Fryslân. Konkur-rinsje wie der ek amper mear. It Friesch Dagblad mei syn beheinde rûnte fan otterdokse lêzers rûn neffens in redakteur fan de LC "op krukken". Dat wie ôfhinklik
- 85 fan 'e goederjouskens fan lêzers en sympatisanten en it hie mar in beheind ploechje redakteuren.
- 16 Gâns streekblêden mei boppe-lokale ambysje waarden yn 'e gouden tiid opnommen yn it Friese Pers-ympearium. Foaral yn 'e jierren tachtich en njoggentich is it folk geastlik en fysyk op drift kommen. Dat hat grutte konsekwinsjes foar alle media. Hja moatte alle dagen
- 90 de geunst fan lêzers, harkers en sjoggers op 'en nij fertsjinje. Gjinn kyksifer leit fêst, de risping fan abonnee-aksjes wurdt hieltyd ûnwisser.
- 17 Hat de redaksje fan 'e Ljouwerter Krante dêrtroch de kramp foar sjauvinisme skipe, dy't hjoed de dei bygelyks blykt út it omgean mei de Fryske taal? Mar inkelde redakteuren skriuwe geregeld Frysk. Foaral losse meiwurkers as Eelke Lok, Jabik Veenbaas, Hylke
- 95 Tromp en Trinus Riemersma moatte dat front ferdigenje, tsjin singeliere uteringen fan redaksjonele eigenwille yn. It koe wol oars en moediger as de LC-lieding werklik in ûnmisbere funksje yn nijsfoarsjenning en opiniearring foar in grut publyk hâlde wol.
- 18 Mei de fûleinige passy fan idealen en kultureel-polityk 'commitment' is der foar in finansjeel sûne krante likegoed noch genôch te betinken om sels de takomst stal te jaan.
- 100 Sels as Fryslân ea opgiet yn in bestjoerlike Noord-regio, wat Fryske sjauvinisten ferhoedzje meie, kin hjir in libben regionaal medium bestean dêr't in moai part fan it publyk him by thúsfielt. Want ynformaasje oer de eigen biotoop is foar elkenien suver hast in eask om te oerlibjen.

Lân, molke, boeren en boargers

- 1 De Nederlânske lânbou is yn swierrichheden en yn opspraak. Wearden yn de maatskippij binne feroare en de lânbou sil dêr mei lykop rinne moatte. De wei nei feroaring leit fol mei tûkelteammen. De maatskiplike wurdearring foar de lânbou is feroare, mar gâns funksjes fan de lânbou en de wearden dy't dêr mei gearhingje, komme net oan bar yn 'e diskusje.
- 5 Wat wolle boeren en boargers mei lân en molke? Om hokker wearden giet it har wat de lânbou oanbelanget?
- 2 Minsken weagje ûnophâldlik saken tsjininoar ôf. Eat is moai of leaf, omdat it moaier of leaver is as wat oars. In gefoel, mear is it meastal net. Troch saken foarinoar oer te setten wurdt fêststeld oft eat wichtich genôch is om oer yn te sitten of om ynspiraasje te jaan.
- 10 Alles kin wearde ha: minsken, skuon, loftten, leafdes, fijânskippen. Ek iten of in lânskip.
- 3 Wearden kinne op in protte manieren yndield wurde. Faak sjogge we mar nei ien diminsje fan in saak. Nim ús iten, de produkten fan de Nederlânske lânbou. Wy wurdearje dy foaral mei ús sintugen. De rook en de smaak fan aaiwyt of sûkers jouwe wearde oan it iten. Wittenskippers hâlde fan mjitbere wearden. De oerflakte fan it lân is yn bunders, yn
- 15 mjitbere wearden, fêst te lizzen. Politisy farre dêr soms blyn op.
- 4 Mar der is mear. It sosjale aspekt fan alles om ús hinne spilet ek in rol. Foar minsken is net allinne wat se waarnimme wichtich, mar ek wat se deroan ha kinne. Sa wurdt it lânskip bygelyks in sosjaal 'framework', oanklaaid en funksjonearjend sa't wy mei-inoar ôfpraat ha. Sa kin iten de diminsje hawwe dat it op in autentike wize produsearre is. Tink oan
- 20 biologysk iten en ek oan streekprodukten, dêr't de sosjale omjouwing de wearde mei fan bepaalt.
- 5 Der is noch in diminsje: it ferhaal en de skiednis fan iten en lânskip. Dêr sûnder 'libbet' it net, is it net ôf, bliuwt it keal en kâld. Kultuer makket diel út fan de wurdearring. Potstro en sûpenbrij hawwe dan wol gjin kulinêre wearde foar my, de ferhalen fan ús pake oer seis
- 25 dagen wyks potstro en sneins sûpenbrij wol. Dy jouwe wearde oan myn fanyljefla en ierdbeiejoghert. Wat is it Reaklif sûnder de Slach by Warns?
- 6 Oait wiene stêd en plattelân ôfhinklik fan inoar. It lân produsearre it iten foar de stêd. De stêd droech by oan de ûntjouwing fan it lân omdat in merk ûntstie foar wol, flaaks en bûter. It lânskip waard foarme troch de fraach fan de stêden. Sûnder de fraach nei wol wie
- 30 de skieppehâlderij nea opkaam en wiene gjin heidefjilden ûntstien. Histoarysk hearre stêd en plattelân byinoar. It ferhaal fan de stêd is ek it ferhaal fan it lân.
- 7 Nei de Twadde Wrâldoarloch is de lânbou hurd feroare. Lânboukundich ûndersyk waard fertaald nei de boeren troch foarljochting en proefbedriuwen. Boeren waarden hieltyd heger oplaat. De produksje gong kwalitatyf en kwantitatyf hieltyd fierder omheech.
- 8 35 Nea hat iten better, feiliger en goedkeaper west as hjoed de dei. En de ein is noch net yn sicht. Alderhande kontrôle- en sertifisearringssystemen wurde betocht om de feiligens noch better te garandearjen. Genetyske manipulaasje, feefokkerij en planteferedeling sille in noch hegere en effisjintere produksje mooglik meitsje. Technologyske ûntjouwingen sille de útstjit fan net winske ôffalprodukten en it enerzjyferbrûk ferminderje.
- 9 40 Koartsein, oan noch goedkeaper iten fan noch hegere kwaliteit sil it ús grif net ûntbrekke. Dy wearden fan de lânbou wurde troch hast elkenien ûnderskreaun. Fansels wolle wy goede en goedkeape molke. Mar guon minsken wolle in protte oare wearden net kwyt.
- 10 In wearde fan de Nederlânske lânbou dy't net troch eltsenien dield wurdt, is wissichheid
- 45 fan iten. Fansels wolle wy tefoaren komme dat wy honger hawwe. De Nederlânske feehâlderij produsearret fiif kear safolle as wy op kinne. Hartstikke moai is dat - op it earste each. "Oaren kinne goed ite en wy fertsjinje der ek noch wat oan", is faak it argumint foar dy hege produksje. Mar de ûntjouwing fan earme tropyske lannen stûket troch hannelsbarriêres en de te lege prizen dy't ûntsteane troch oerproduksje yn de EU. Trije
- 50 wearden hawwe achteromsgjend de grûnslach fan de ûntjouwing fan de Nederlânske lânbou west: genôch, goed en goedkeap iten.
- 11 Neist dy wearden waard it lân lykwols ferjitten. De skaadkant dêrfan wurdt hieltyd dúdliker. Allinne grutte en spesjalisearre buorkerijen kinne de ynternasjonale konkurrinsjestrïid noch oan. Guon boeren hâlde der mei op. It lânskip wurdt ientoaniger.
- 55 Tagelyk is der neist dy ûntjouwing noch in oare, in mear moderne tendins: it plattelân kriget in nije funksje foar de stêd. It plattelân bringt de rêst, stilte en romte dy't yn de stêd net te

finen binne. De rekreaasje dêre nimt ta. Tal fan boeren hawwe campings, ferhiere boatsjes of kapweinen, biede in poldersurvival of bernefeestjes oan en hjir en dêr ferskynt in teeskinkerij. Natuer makket sún en jout minsken grif in 'oergefoel'. Natuer, tagonklike natuer, wurdt rûnom ûntwikkele.

12 Ek de wearden fan it iten feroaren. Iten is fan bettere kwaliteit as ea wurden. De risiko's binne lykwols ek grutter as ea. Dioksine, BSE en baktearjes dy't resistint binne tsjin antybioatika, binne gefaren dy't mei de hjoeddeiske foarm fan feehâlderij gearhingje. Kontrôlesystemen binne dêrom sterker oanwêzich as earder. Neat wurdt neilitten om de feilichheid fan de produkten te garandearjen. Dochs binne minsken bang foar ûnsichtbere saken yn it iten. Dêrby wurdt iten assosjearre mei bestridingsmiddels, genetyske manipulaasje, bisteled en miljeufersmoarging. In nije beweging is ûnmiskenber: streekprodukten, biologysk iten en ferkeap op de pleats binne foarbylden fan it oanbieden fan iten bûten de wegen fan de gongbere lânboukanalen om. Oare wegen, mei minder kontrôle en mear betrouwen. Gâns konsuminten fan biologysk iten miene dat dat sûner is. Wittenskiplik bewiis dêrfoar bestiet net, mar it lit sjen dat der in kleau bestiet tusken de iter en de produkten fan de technologyske lânbou. Betrouwen yn en witte wêr't, hoe't en troch wa't it produsearre is, binne wichtige wearden fan iten.

13 De kleauwen binne sichtber makke. De kleau tusken stêd en plattelân en de kleau tusken it iten en de iters. Dy kleauwen binne djip. Boeren en boargers steane foarinoar oer en raze om 't lûdst. Boeren sizze gjin kant op te kinnen no't alle regels en wetten en de ekonomyske ûntjouwings it buorkjen hieltyd slimmer meitsje. Boeren hawwe it lân nedich om te oerlibjen, grutskalich en yntinsyf. De boargers wolle de romte ha foar huzen, natuer en regionaal lânskip. De lânbou moat mear produsearre en it kontrôle-apparaat oanskerpje om goed en goedkeap iten te eksportearjen. De konsuminten binne oan de oare kant krekt wer bang foar ynsidinten dy't mei de hjoeddeiske produksjemetoaden gearhingje en meitsje harren drok om it wolwêzen fan bisten en om it miljeu.

14 Dy patstellings kinne wy út komme troch in stapke tebek te dwaan en by alle stânpunten en fisy's de fraach te stellen: wêr giet it no einliks om? Dêr't wy it net oer iens binne, moatte wy in oplossing foar sykje yn ferskaat. Grutskalich neist lytsskalich, technologyske neist biologyske lânbou. Regels en wetten moatte sa'n ferskaat stimulearre en beskermje, net op de wize sa't no faak bart, troch alles ien kant op te stjoeren. Dêr't wy it oer iens binne, moat de romte krije. Jou it in kâns, wurkje gear dêr't dat mooglik is en kom derfoar út. De iene freget wat en de oare, meastal in boer, kin it leverje.

nei: Simon Oosting yn: De Moanne nr. 1, septimber-oktober 2002

Einde